

De wissels fan Jan de Vries

Jan hat in kaart mei de nûmers fan syn libben foar him lizzen
No jou ik in slinger oan de molen en ik lêe de nûmers op
Harkje nei it libben fan in tûke boerejonge
Bliuw mar sitten, sjoch nei de sifers ûnder BINGO

Ut de lûdsprekkers fan multifunctioneel centrum It Klif yn Aldermardum klinkt
"En het volgende nummer is 54". Jan de Vries springt op en ropt "Ja, Bingo."
Hy hat de earste priis: fjour dagen nei Barcelona, all-in, mei de frou. Mar hy seit
"Bist net wiis." Sy binne der net west want de twadde priis wie in Retro Radio en Jan is in
muzyk-freak. Jan freeche de oare winnares: "Wolle jo wol ruilje?"
No klear, dat woe se wol, lyk om lyk.

Jan hat mei syn Boukje al twa moaie jongens krigen
No is sy wer zwanger en der kom in tredde by
Jan seit "Dokter, it binne der twa dat kin net misse"
En ja, twa famkes, dat wie de bûter yn 'e brij

Op in pinkstermoandei rint Jan de Vries mei syn maat yn it Rysterbosk
op 'e feint-en-famme merke, beide elk efter in mokkeltsje oan
Fan foar yn it boskein hielendal nei see. Sy freechje harren te wandelen,
en dan "Mei ik dy thús bringe?" en "Mei ik wer komme?" Mar syn maat hat in leafer
famke, sy hjit Boukje, en Jan seit "Wolst wol ruilje?" En dat woe d'r wol, lyk om lyk en no
binne Jan en Boukje troud, al 62 jier.

Jan waard in lytsboer mei tsien kij mar krige it moeilik
No koe hy net groeie dat hy woe der wol fan ôf
Ruile it spul om foar in molke auto
Syn soannen kamen der by en rinne no in pracht bedriuw

Tsientûzen jier lyn wie it allegearre iis hjir yn Fryslân
In gletsjer lei doe by Koudum in bult keiliem del
En dat dat in seine wie foar de tûnbou kamen Jan en Baukje achter
Se ruilen har wenning yn It Heidenskip om foar in nij hûs en folkstún yn Koudum
Koudumer beantsjes binne in begrip yn 'e regio en de fakânsjes waarden der op plante;
tusken it ôfdwaan fan 'e ierdbeien en it rispjen fan 'e beantsjes siet krekt in wike

Jan hat in kaart mei de nûmers fan syn libben foar him lizzen
No jou ik in slinger oan de molen en ik lêe de nûmers op
Harkje nei it libben fan in tûke boerejonge
Bliuw mar sitten, of wolst wat oars ruilje dan om

En it folgjende nûmer is:

124 - safolle kilometer ist riden nei Beverwyk om op 'e swarte markt muzyk te keapjen
1400 cds kocht Jan, 1800 singles en 2600 platen.

En it folgjende nûmer is:

222 - it hûsnûmer yn Talma Hiem dêr 't al dy muzyk no op 'e kompjûter stiet, BINGO!